

FRYSK

Sneon 9 maart 15.00 oere

Sjoch foar ús

MANIFESTAASJE

Saailân Ljouwert

op: www.sistsiis.frl




SKOALLE

BERNE- RJocht

Leginda

- 1: **Lykberjochtiging.** Yn de kearn fan de saak betsjut 'lykberjochtiging' dat de partij fan betinken is dat it wurd (begryp) 'Hollânsk' troch 'Frysk' ferfongen wurde kin (of oarsom). It is de sterkst mooglike posysje fan it hiele rychje en de measte partijen meitsje dat nêt wier.
- 2: **Ophâlde mei it ûntheffingsbelied.** De skoare is heger as de partij de ûntheffings earder ôfskaffe wol.
- 3: **Kwaliteit.** De partij wol de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk ferheegje.
- 4: **Jild.** De partij wol mear jild foar ûnderwiis yn it Frysk.
- 5: **Oplieding.** De partij wol de oplieding fan de learkrêften ferbetterje.
- 6: **Ynspeksje.** De partij wol de kwaliteit fan de ûnderwiisynspeksje foar it Frysk ferbetterje.
- 7: **Trijetalige skoalle.** It ûnderwiis yn it Frysk wurdt rjochtfeardige om't it lykweardich is oan in frjemde taal (Ingelsk). Salang't it Frysk in lege taalstatus hat, is it tige de fraach oft it Frysktalich ûnderwiis mei dy ferliking tsjinne wurdt.
- 8: **FUN.** It Frysktalich ûnderwiis soe benammen 'fun' (= 'leuk') wêze moatte. As de learlingen of de skoalle(n) it net sa 'leuk' fine, dan hoecht it winliken net. Dêrmei wurdt it Frysk as in twadderangs fak sjoen, want foar bgl. 'rekkenjen' en 'taal' (= 'Nederlands') wurdt sa'n hâlding troch de ynspeksje net akseptearre.



Wat der yn partijprogramma's stiet

FNP - Stiet 'lonely at the top', skoart op *alle* punten goed en hat boppedat *konkrete* doelen lykas: 'Wy wolle berikke dat yn 2023 trijehûndert berne-opfangplakken meartalich binne.'

PvdA - De *FUN*-faktor skoart heech: 'Fan *taalpolizei* nei taalwille! We geane foar nije en kreativere wizen fan Frysk ûnderwiis, basisskoallen mear *begeisterje en boeie mei bredere lessen*.' Der wurdt in soad byhelle dat de *grutte urginsje* fan goed *Frysktalich* ûnderwiis maklik ûndergrave kin, lykas: 'De unike faktoaren (natuer, romte, skiednis, diversiteit) fan Fryslan steane wat ús oanbelanget folle mear sintraal as allinnich de taal.'



PVV - Sprekt dúdlike en robuste taal: '*Het pappen en nathouden moet stoppen*.'



NUZZER

'Sis Tsiis' hat de ferkiezingsprogramma's fan de provinsjale partijen analysearre en in wurdearring fêststeld fan wat wy fan de partijen oangeande it Fryske ûnderwiis ferwachtsje kinne oan de hân fan 8 stânpunten (sjoch de leginda op de lofter side).

De stânpunten binne fan ûngelikens belang foar it ûnderwiis yn it Frysk. Om't wy dêr in ôfnimmende gewichtsfaktor oan takenne, komt GrienLinks fôar it CDA. En de PvdA komt mei it *Fun*-stânpunt yn de sturt telâne. As alles gelikens wurdearre wurde soe, hie it in middenmoater west.



SP - Neamt teminsten de finânsjes: 'Omrop Fryslân, de Afûk en de Fryske Akademy spylje dêr ek in wichtige rol yn, lykas it twa- en trijetalich ûnderwiis. De SP fynt dat de provinsje ek op dat mêd finansjele stipe jaan moat.'

D66 - Komt net fierder as: 'Taal mag nooit uitsluiten. We mogen daarom niet vergeten dat Fryslân een tweetalige provincie is waar Fries en Nederlands een gelijkwaardige positie hebben.'

Folslein ûnbetrouber, sjoen de skoare op de oare ûnderdielen!

Frijbliuwende wurdkar, lykas yn 'Op sommige plekken, zoals in de zorg, het onderwijs of bij de politie is het belangrijk dat mensen in hun moedertaal geholpen kunnen worden. Op dit soort plekken is het fijn als medewerkers tenminste Fries te kunnen verstaan.'

De VVD, Partij voor de Dieren, 50PLUS, Provinciaal Belang Fryslân en Natuurlijk Fryslân hawwe yn har ferkiezingsprogramma's neat oer it Frysk yn it ûnderwiis en dat jout te tinken. By de SGP, DENK en Forum voor Democratie hawwe wy (noch) gjin stânpunten oer it Frysk fine kinnen.



De Steaten moatte it dwaan

Foarname doelen fan ús demonstraasje binne: it Frysk in tige wichtige rol spylje te litten by en nei de kommende ferkiezings yn maart en in grutter bewustwêzen fan it belang fan it Frysk. Dêrom freegje wy de fraksjes yn Provinsjale Steaten ek om har stânpunt(en) op dat mêd te ferdigenjen op it poadium oan de ein fan de demonstrative tocht.

Wat 'Sis Tsiis' wol

Der is oant no ta noch fierstente min berikt foar it Fryske ûnderwiis en ek de takomst liket it belied (fan Ryk en provinsje) net goed treast te wêzen; it ûnderwiis yn it Frysk en de skiednis fan de Friezen is in *bernerjocht* dat syn wjerslach fûn hat yn ynternasjonaal rjocht. Wy wolle *folle lykberjochting* fan it Frysk yn it hiele ûnderwiis om't ús Fryske/Frysktalige bern/learlingen lykweardich binne oan Hollânske/Hollânsktalige bern/learlingen.

1. Minder as tolve jier dwaan oer it ôfskaffen fan de ûntheffings (2025 is ek útfierber, langer útstel stipet dwersbongeljen).
2. Mear jild foar de skoallen as dy 3-8 euro it bern yn in jier fan no (MIF).
3. It Frysk moat troch alle juffen en masters goed behearske wurde. En troch de ynspekteurs!!!
4. Gjin ûntheffings op grûn fan in leech/leger persintaazje Frysksprekkers yn de regio fan de skoalle.
5. It Frysk ferplichte as eksamenfak foar alle learlingen yn it fuortset ûnderwiis.

Doch ek mei oan ús kommende aksjes!

Jou jo dan op by: sistsiis@hotmail.com of www.sistsiis.fr!

Stypje: NL 12 ABNA 0822 4870 12 Stifting Fryske Taal. Wy hawwe ferlet fan jo!